

Feestlike iepening de Hoannestap

Feestlike iepening parkearplak oan de Goudtsjebloomstrjitte yn Kootstertille.

Foarôfgeand oan de jiergearkomste fan Plaatselijk Belang Kootstertille, waard it sa lang ferwachte parkearplak oan de Goudtsjebloomstrjitte iepene. De gemeente realisearre 42 plakken yn it griene hert, tusken de Benedictus tsjerke en it mfa Tillehûs. De foarsitter : " Hjir wienen we oan ta, as der in begraffenis is, stiene de auto's yn de berm fan de Tillebuorren. En by skoalle wie it faak in gefaarlike sitewaasje. No kin elk rom plak fine. In hiele útkomst."

De dames fan de Twirl groep fan VIOS binne Nederlâns kampioen wurden, en joegen in prachtige demonstraasje, op strjitte, wêrnei it oan wethâlder Max de Haan wie om de namme fan it parkearplak te ûnthullen. De bern fan it jeugdwurk hiene in skilderij makke fan in grutte hoanne. Doe' t de wethâlder it doek ferwidere kaam de namme foar it ljocht:

" de hoannestap". Dit moaie fryske wurd, ferwiist nei de koarte ôfstân fan it parkearplak nei sawol de tsjerke as de skoallen en it Tillehûs.

Nei de kofje mei gebak, wie it oan de jiergearkomste ta.